Yn te foljen troch de griffier

| | |
|---|---|
| moasje nû. | |
| paraaf | |
| wurklistpunt | |

**MOASJE, op grûn fan kêst 29 fan it Reglemint fan Oarder**

| | |
|---|---|
| Steategearkomste | 2 novimber 2011 |
| Wurklistpunt | 02B Begrutting 2012 - Greidefûgelûndersyk |

De Steaten, yn gearkomste byinoar op 2 novimber 2011;

heard hawwende de rieplachting;

oerwaagjend dat;

- It wittenskiplik ûndersyk dat sûnt 2004 nei de skriezepopulaasje yn Súdwest Fryslân belangrike ynsichten leveret foar de takomst fan de greidefûgels;
- De data dy't it ûndersyk opsmyt de basis leverje foar de te nimmen besluten troch Provinsje Fryslân en oare oerheden;
- De takomst fan dat ûndersyk nei 2011 noch hieltyd net wis is;
- It behear fan it lanlik gebiet oergiet fan Ryk nei provinsjes;
- PS en DS fan Fryslân ferlet hawwe fan in ûnôfhinklike wittenskiplike rapportaazje dêr't ûnderboude oanbefellings yn dien wurde om de greidefûgels beskermje te kinnen

Fersykje it Kolleezje:

- om mei de Kadernota 2013 of safolle earder mei in útwurke plan te kommen, ynklusyf in finansjele paragraaf mei dêr yn opsjes foar de dekking fan dit tydlike projekt en om dit foar beslútfoarming oan de Steaten foar te lizzen.

en gean oer ta de oarder fan de dei

| | |
|---|---|
| Yntsjinner(s) | (fraksje / namme / hântekening)<br><br>FNP, Annigje Toering |